


17-3.193

'T SKIEPPE- STURTSJE



doarpskrante fan tsjerkwert e.o.

IT SKIEPPESTURTSJE

17e jiergong
nû. 3. 7.1993

Redaksje : Ineke Feenstra-Sybesma
Sytske Dijkstra-Bouwhuis
Richtsje Speerstra-Bakker
Gerben Wijnga
Joop Nota


Typiste : Gjetje Dijkstra-Van der Veen

Stinsilwurk : Henk van der Zee

Omslach : Albert van Lingen Jr., Wergea

Redaksje-adres: Ineke Feenstra
Singel 2, 8765 LL Tsjerkwert

Bankrelaasje : Rabobank Boalsert
Gironr. 85.68.29
t.n.v. Rabobank Rolward
Rek.nr. 3087.56.800 t.g.v.
It Skiepesturtsje, Tsjerkwert



doarpskrante fan tsjerkwert e.o.

FOARWURD FAN DE REDAKSJE

Achte lêzers,

We sitte al wer midden yn 'e simmer as dit krantsje ferskynt. It is wat letter as oare jierren, mar de skoalfakânsjes binne dit jier ek tige let, dat sadwaande.

We ha al in protte moai waar hân en der ha al in soad aktiviteiten fan profitearje kinnen. Wit jim noch hoe waarm it wie mei it keninginnefeest?


We sieten al te switten as je nei de spulstjes seagen, lit stean as je mei diene; al mei al in tige slagge feest. En no is de oranjeferiening al wer drok dwaande mei it doarpsfeest, mar der binne mear drok mei dwaande, inkele skuorren en loadsen wurde drokker besocht as oars..... neat sizze; ôfwachtsje.




De skoalbern ha it de lêste wiken ek tige drok hân mei it skoalreiske, de "avondvierdaagse" rinne en it fuotbaltoernooi, mar wat se ek by it ein hiene tiisdeitejûns 7 oere wiene se wer op it

keatsfjild. We wolle ek alle bern dy't slagge binne foar in eksamen fan herte lokwinskje, in hiele protte flaggen mei tassen lieten sjen wêr't feest wie. De measten sille nei de fakânsje wol nei in hegere skoalle gean, sa ek de âldste bern fan 'e basisskoalle en dy wolle we allegearre sukses tawinskje. Foar it earst út it eigen doarp nei sa'n grutte skoalle yn 'e stêd is net neat, mar safier is it noch net, earst fakânsje fiere.

As lêste, we hope alle skieppesturten op ús doarpsfeest te treffen, as we it programma besjogge dan mei de cowboyhoed wol op. En ik winskje al ús lêzers dêrnei in tige moaie fakânsje út namme fan alle redaksjeleden.



Ineke.



BERICHTEN VAN DE
DORPSOMROEPER



Een warme en zonnige koninginnedag toen in Almelo 13 stads- en dorpsomroepers deelnamen aan het concours aldaar. Waar ik als 8 ste eindigde.

-Op de 6de mei herdachten de echtparen W. Bakker en B. Bakker-Poelstra en A. van Lingen en A. van Lingen-de Boer dat ze 40 jaar getrouwd waren.

Gedenk de weg die de Here u geleid heeft!

-Op de 8ste mei maakte ik een rondgang in Berkel Z.H. daar in 1938 het grote avontuur begon 2 jaar in de zuivelhandel en bijna 4 jaar als broodventer aldaar.

-Op 21 mei een rondgang in Nunspeet vanwege de volksdansgroepen aldaar.

-Maakte nog een aantal rondgangen in de hanzestad Bolsward.

-29 mei fietste ik de mini-elfstedentocht.

-Een koele en winderige 2e pinksterdag. Ging wederom tot Franeker waar ik weer vriendelijk werd uitgenodigd door de Dir. van het B.C. Saxenoord voor de koffie, zoals de voorgaande jaren.

-6juni zong Con Spirito in Terkaple en de koffie nadien werd gedronken bij het echtpaar Hibma-Bakker.

-7 juni met de blauwe linten aan de bel maakte ik een rondgang door het dorp vanwege de geboorte aan de Kerkstraat no 12 van Franciscus Bernardus Galama.

-9 juni alhier de radiokwis van Omroep Fryslân.

-12 juni Waterschap en Molendag aan de Baburen.

De paden op de lanen in. De tijd is weer gekomen dat de vakantiegangers naar hun vakantieoorden of paradijzen gaan, voor velen is het een verademing om een aantal weken elders te vertoeven.

Hoe het ook zij, of wat je ook doet, lichaam en geest varen er wel bij.

Ergens geweest te zijn maakt meingenen nog al eens gelukkiger, dan er te zijn.

En..... de vrienden die je in die tijd opdoet en vervolgens bijna nooit meer ziet is vandaar het voordeel dat het zulke goede vrienden blijven.
In ieder geval waren in mijn vroegere vakantie's twee dagen waar ik mij altijd mateloos op verheugde en wel van de heenreis en de terugreis.

=van de scheurkalender.=

- De wereld zal aan vlijt ten onder gaan.
- En ieder mens bemint en bewondert zijn eigen land, omdat het hem heeft voortgebracht.
- Waarover men niet spreken kan, daarover moet men zwijgen.
- Goede reis en vooral veel genoegen toegewenst! En.. behouden thuiskomst.
- En.....eeuwige liefde van drie weken komt nogal eens voor!
- En reizen is je land verlaten, om er opnieuw naar te verlangen!
- En wie verre reizen doet kan soms veel verhalen, maar.. kan soms ook erg naar huis verlangen.
- Wie zijn geluk niet kent, leeft ongelukkig in rijk bezit.
- Zich dom houden brengt vaak verder dan zich slim tonen.
- Een vreugde verdrijft honderd smarten.


Tenslotte één van zin en één van geest zo hoop ik dat wij het dorpsfeest mogen vieren.
Maar voorlopig niet te veel zorgen, na vandaag wordt het weer morgen. Als laatste ditmaal Gezang 441 vers 10

Wederom van huis tot huis de hartelijke groeten van

de Dorpsomroeper.



DOARPSREISKE.



Moandeitemiddei, 28 juny, soe ús doarpsreiske wêze. Moai op 'e tiid om ien oere gongen we fuort. Appelsgea wie ús earste bestimming. 't Waar wie goed foar soks, net te waarm en dochs sa no en dan it sintsje. Monter op stap dus, lâns in moaie paed.

Foar it Minipark yn Appelsgea joegen we ús del op, sa't it like, foar ús klearsetten stuollen. Lekker bûten yn 'e sinne. En dêr waarden we trak-tearre. In noflikke stimming en sich op in machtige glydsbaan en de rûpbaan mei har sirene-eftich lûd.

Dan op nei de Minitún fan Noardnederlân; de trije provinsjes. Dat wie in smûke lânkaart, wêrop de bysundere plakken mei makettes oanjûn wiene, alles stoffearre mei beamkes, strúkjies en blommen. Dit wer trochsnien mei kanalen, diken en spoarbanen wêrop ridend ferkear. As "REUZEN" kuierden we der trochhinne. 't Wie allegear tige werkenber.

Om healwei fiven werom foar de folgende start. Nei it kafee-restaurant "Tjeukemeer" fan Geart en Riekje Fabriek yn Eastersee. Dat wie in gesellich wersjen! Oan tafel, mei in tige fersoarge breamiel trochwrotten mei slaatsjes en waarme hapkes. Wat der net wie, wie net te betinken! Fan alles priuwe we echt ûnmooglik. It wie hielendal ôf! Bûten brochten se, fûnen wy, foar ús, in serenade.

Troch in sinneoergetten lânskip rieden we werom,
de moaist tinkbere gasterlânske route lâns.
Dat wie it dan! Spitich foar de thûsbliuwers.

Daan.



TAALSTRIID.

Woansdei 9 juny ha we meidien oan "taalstriid", in radiokwis fan Omrop Fryslân. We moasten de striid opnimme tsjin Top en Twel.

Der moasten wurden rieden wurde, der wiene fragen op it mêd fan etymology en it thûsfront moast in literêre en in histoaryske fraach oplosse.

Ek moast der in limmerik skreaan wurde.

We koene spitichgenôch gjin goed antwurd jaan op 'e fraach hokker eigen oerflaktemjitte Tsjerkwert brûkte yn 1812 en hoefolle are dizze mjitte wie.

It antwurdt hie wêze moatten in "mat" wêroan de Tsjerkwerters yn dy tiid de ynfulling joegen fan 61.53 are.

De útslach waard úteinliks 48 punten foar Tsjerkwert en 56 punten foar Top en Twel.

It is aardich west om mei te dwaan!

Fanôf dit plak wolle we alle minsken dy't meiholpen ha ús der troch te slepen betankje.

Yn it bysûnder tank oan Minecus Zeinstra meiwurker op 'e provinsjale bibliteek yn Ljouwert.

Hy hat ús dêr paadwiis makke en hat der alles oan dien om ús fierder te helpen.

Minsken, allegear tige tank foar it meidwaan, meilibjen en meitinken!

Rixt.



ADVERTINSJE.

Wie heeft nog een oude typemachine staan?

Marten en Anneke Hylkema
Tel. 2862

=====

IT PJUTTEHONK freget noch goed brûkber
boartersguod, spultsjes of ridend materiaal geskikt
foar bern fan 2 oant 4 jier.

reaksjes op tel. 2635.

=====


BYLANS DE TREKFEART

BYDRAGEN OER MINSKEN EN DINGEN
FAN TSJERKWERT EN OMKRITEN

TROCH GERBEN WLJNJA

HOBBYBOER PIET TOLSMA: "IK HA IT O SA MOAI"

It is 1 juny en de meteorologyske simmer is begûn. Op besite by boer Piet Tolsma fan Pytsjepôle seit dy: "Wy binne suver mei de tiid yn 'e war, man. Yn maaie wie it kuilen al dien en 11 maaie hie ik it hea al yn'e hûs. Dat ha'k noch noait sa betiid hân!" Under de balken fan syn komelkerij hinget de swietrook fan it keunst mjittich droege hea. Kreas binne de pakjes steapele tusken de âlde bynten fan it pleatske mei syn wûndere ferdieling. Hoe âld it krekt is wit gjinien te fertellen. Boer Piet wit wol dat it eartiids 'Kromme Jelte' hiet: "Sa stiet it noch yn âlde akten. Pytsjepôle is eins ek sa'n bynamme want offisjeel is it Beabuorren." It krekke fan de namme komme wy net te witten. Dat der no twa Piten op Pytsjepôle wenje is tafal en hat mei de namme neat te krijen. Sa bliuwt de âlderdom opsletten yn it skiere ferline.



Alderwetsk en dochts ek modern

Yn it moaie waar ha wy bûtendoar earst in praatsje. Dêr leit de rûchskerne. De planken binne al skjin en opburgen, want it fee rint al in moai skoftke bûten, earst op in kampke lân by de pleats wylst in pear kij hjoed krekt ferweide binne nei Ymswâlde. "Eins bin ik ek in moderne boer", laket Piet dy't ferslingere is op de tradysjonele manier fan buorkjen. Gjin elektryske molkmachine dus, mar it 'edele ambacht' fan it hânmelken hâldt Piet as fakman-âlde styl yn eare. "Jûn kaam ik yn 'e lûkse auto fan Ymswâlde mei in amer en tjems en twa tritich-liter buskes molke. En thús lege ik it yn it tankje. Och, ik ha net sa'n soad easken. Ik ha it sa moai. In hiele protte minsken fleane oeral achteroan om it moai te krijen wylst it ienfâldige sa moai is", seit Piet as wy yn 'e hûs geane. Achter ús stiet de 'Beabuorstermole' yn 'e jûnssinne te pronkjen. Om him hinne draaie de moderne wynturbines elektryske enerzjy by inoar. De fûgels sjonge noch yn koar, wylst it fee út en troch balt.



Yn it smûke keammerke hat Piet it útsicht op Tsjerkwert, Parregea en Warkum. "Moarns kofjetiid sit ik altiten in healoerke te genietsjen fan dit útsicht", fertelt er. Mei ien foet op 'e tafel en dan noflik lurkje oan in bakje. Eefkes bykomme fan it wurk dat dien is. Foar gjin goud soe er dit skoft misse wolle. De wurdearring fan it ienfâldige seit hiel wat.


Dan dinderet de molkwein fan Nestlé it paadsje del om de lytse molktank fan Piet te leegjen. Dat wurdt trije kear wyks dien enwat i s Piet hjir bliid om: "Dat se my de kâns jûn ha om troch te melken dat fyn ik dochs sa moai! Dêr binne suver gjin wurden foar. Se

hiene my ek útsanearje kinnen. Ik genyt alle dagen noch fan it boerebedriuw. It is dochs in griis dat de libbensfreugde fuort giet mei it opdûken fan lytse bedriuwkes!"

"In âld spul"

Op 9 oktober 1918 waard Piet Tolsma berne te Tsjerkwert yn'e buorren op'e Singel as soan fan Jouke Tolsma en Richtsje Hendriksma.

"Us heit wie earst boere-arbeider, mar yn maaie 1920 binne ús pake en dy nei de Singel gongen en kamen wy op Pytsjepôle te wenjen. It wie doe in âld spul, folle âlder suver as no. Tusken it bûthûs en de keuken siet mar in âld houten sket en heit mjukse ta de foardoar út. De foarein bestie út trije arbeiderswenten, allegearre ûnder it tek fan dy iene pleats. De tsjerke wie eigner en heit en dy hierden it. It ûnderhâld wie wol foar ús want dat koe de tsjerke net betelje fan dy pear hiersinten. Bûtendoar leine de planken nei de rûchskerne op en binnen stie dan noch de pomp om



it fee te boarnen. Foarhûs wie de reinwettersbak. Wetterlieding wie der fansels net. Dat ha wy letter sels groeven fan de dyk ôf. Dat wie sa'n ferbettering. Oeral hiene wy ek petroaljelampen, dat koe net oars. Pas nei de oarloch kaam der elektrysk. Dat wie in belevenis, geweldich! Wy brûkten it allinne mar foar it ljocht want ús mem woe nooit in stofsûger of waskmachine ha."

Oare tiden

Yn '47 ferûngelokke Jouke Tolsma mei syn hynder en weintsje. Fan dy tiid ôf hat Piet trochbuorke op it pleatske op Pytsjepôle. Yn alle opsichten holp er syn mem; hy hat har sels noch ferpleegd.

"Dêrtroch kin ik my no ek noch sa rêde", stelt Piet tefreden fêst. Earst siet der noch wol instikje brea yn't pleatske mei sa'n 8,9 kjj, mar no kin dat net mear. Ik bin hobbyboer wurden en o sa bliid mei myn bestean hjir. Alles yn'e wrâld moat ekonomysk renda bel

wêze, it moat ek hieltyd grutter. Mar ik bin der noch grutsk op dat ik noch sit te hânmelken. Miskien tinke guon wol: Piet is net wiis. Doe't ik 65 wie seinen se: "Hâld der mar mei op" en no sizze se: "Moai trochgean, hear". Is't net frjemd? De tsjerkfâ den ha my ek sa tewille west. Doe't myn lânkontrakt op Ymswâlde ôfrûn, koe ik opnij it stik lân fan 't tsjerke hiere. Se hiene ek sizze kinne: "Piet is de 65 foarby, no mar in oar." Mar nee hear, ik mocht it hieren bliuwe en dat hat my sa goed dien!"

De tiden binne lykwols feroare en yn de skaalfergrutting dy't dêrút fuort kaam, ûntstiene de lisboksstâlen. Piet dêroer:

"Doe't al dy boeren dêrmei begûnen, krige ik wol wat in minderweardichheidsgefoel. Mar dat wie mar eefkes, want ik woe net leafst masinaal melke. Ik fûn dat mar niks. Ik hie sa'n nocht oan hânmelken Ien wêze mei de bisten. Min waar is de muoite ek net. Dêr kin ik ek fan geniete. Ik wit net wat dat is. As ik yn oktober yn waar en wyn noch bûtendoar siet te melken dan seine dy rekreanten dy't foar wennen wol tsjin my: "De koeien moeten op stal, Piet." Dan hiene se meilijen." Piet moat noch laitsje as er der oan tinkt. "Ik tocht dan, wat frjemd. Mar dy lju seachen it rjocht ferkeard. It aard fan jin helpt ek mei, oars hie ik it noait sa fier skopt. Tsjin dûmny ha'k ek sein: "As men boppe de 70 komt, wat hat dat in foardielen. Wat ha jo dan in oare kijk op'e dingen, rommer, men feroardielet net sa gau. It ynsicht dat ik sa krigen ha, makket my tankber. Jo moatte ek iepen stean foar in oar, wat ferneare kinne, oars kinne jo noait op in pôle by inoar wenje. It wenjen op Pytsjepôle hat foar my in ferriking west dy't ek bydroech oan dy tankberens. Ik moat mysels der wol allinne trochslaan. Ik sykje net de maklikste kant fan 't libben en dochs fiel ik my lekker!"

Weromtinken

Mei 14 jier kaam Piet as boerefeint by Twynstra te melken. De middeis bleau er dêr te iten, mar nachts wie er thús. Nei trije jier kaam er by Jan Okkes Postma. Dat duorre oan 8 oktober '47 ta. Doe rekke syn heit wei troch dat ûngelok. In dei letter wie Piet jierdei "Dat wie in frjemde, rare jierdei", wit er noch.

It heucht him noch dat der thús sêinemeand waard, wylst Twynstra doe al in meanmasine hie. It binnen heljen fan it hea wie altiten spannend. De ôfhinklikens fan it waar, it hearde der by en men wist ek net better. It tymjen, reakken meitsjen en weidloaien mocht er sa graach dwaan: "It wiene lange dagen, mar tagelyk wie it in drokke, gesellige perioade. Men wie machtich yn't lân en ik moat sizze, it woe my ek wol slagje."

Piet Tolsma fertelt dat er by Twynstra it heamiel noch meimakke hat. Dan komme der âlde foto's op tafel. "Sjoch, hjir sitte wy oan in slokje yn 't mulhûs. Op it plusen tafelkleed steane flessen, it boerefolk sit achter de tafel foar de betegele skou. Nei ik slokje krigen wy pareltsjebrij en dan gewoan jirpels. Dat hiene wy yn gjin trije wiken hân, want yn de ûngetiid wie it allegear brune beantsjes en sa. Dreech iten, om't wy ek dreech wurk hiene." In reinige rite koe de haaiïnge goed yn'e war skoppe. Piet wit noch fan sa'n kear: "It wie yn juny. Mei moai waar krigen wy it hea binnen. Jelle Twynstra holp ús dêrby en op ús beurt holpen wy him wer. Dat gyng al jierren sa en ek no is dy gearwurking noch poerbêst. Foar Jelle seach it der doe min út. Der kaam reinwetter; it wie wol gerswaar mar gjin heawaar. Wat ha wy der doe in skoft yn sitten by Twynstra. Mar noait gjin wanklanken heard!" Op in oare foto sitte se te skoftsjen achter de reak. "Dat wie sa gesellich, dêr seach men nei út. Eefkes sitte en bykomme, lekker kletse en sa."



De molkrider kaam twa kear deis, mar op Ymswâlde kaam earst noch in boat. Piet sjocht de mannen noch yn'e beage de opfeart delkommen. "Dat wie dreech, mar letter kaam der in motor yn. De Ymswâlderleane wie earst fan twa boeren. De molke fan Postma en Walsma koe sadwaan-de mei hynder en wein mei Hollandia brocht wurde. De pream foer op it âlde molkfabryk fan Boalsert. Winterdeis ha ik de molkbussen wol mei de slide nei de grutte dyk ta brocht."

Allinne mar net iensum

Bûten balt in ko. Piet: "Hy is in bytsje ûnwennich, De maten binne fan'e moarn nei Ymswâlde brocht. Se sjogge jo dan sitten achter

it finster by't ljocht fan'e lampe. Se binne sa minsklik hê." Piet laket, hy fynt soks prachtich. As de hôfdo ek noch begjint te koeren glinsterje syn eagen hielendal achter de brilleglêzen. "As jo allinne binne, dan heare jo alle lûden. Ik bin wol allinne, mar net iensum hear. Ik ha wol ris dagen dat ik mei gjinien praat, mar dan binne de bisten der. Ik ha wol wat te dwaan. Alle tiden fan't jier binne ek like moai. Foaral de ôfwikseling. Der moat min waar wêze, want oars is der ommers gjin moai waar. Jo moatte ek wol ris in tsjinslach ha. Dêr wurdt men troch foarme. Oars kinne jo dochs noait geniete. Der moat wat te oerwinnen wêze, it moat net samar gean, want oars is der neat oan", filosofearret er. Tiden binne feroare en foar tradysjes is suver gjin plak mear. Mei de hobby hâldt Piet yn elk gefal de âlde boeretiid noch fêst. Sawat 60 jier sit er no yn it boerewurk en al dy tiid hat er gearwurke mei de famylje Twynstra: "Dat ik it no noch sa moai ha, dat ha'k mei te tankjen oan dy prachtige gearwurking. De oprjochte tankberens stiet him op it gesicht te lêzen. Wy moatte dit ek foaral net ferjit te op te skriuwen, sa fynt er. "De gemoedlikheit en de fijne sfear docht it him

, neffens de tefreden hobbyboer. "As jo allinne oan josels tinke dan komt it net goed."

Oare saken

Wy soene de persoan Piet Tolsma tekoart dwaan as wy it hjirby litte soene. Aktyf is er by de EHBO, as boade fan de begraffenisferiening en sûnt koart ek as toanielspiler. Yn '84 wie er 25 jier ferbûn oan de EHBO: "Ik wol dat net as frijwilligerswurk sjen mar as in soarte fan ropping. Ik wol net mei omkearde hannen stean." Foar in huldiging fielde er doe neat, mar yn de betroude rûnte fan kunde ûnder inoar waard it fansels al feestlik betocht. In moaie panne oan'e moarre wurdt as oantinken bewarre.


Piet wie 72 doe't er noch foar it toanielspyljen frege waard. "Doe't Richtsje tsjin my sei dat se wol wat yn my seach, doe tocht ik: ik sil't wol probearje. Trochsetten sit yn myn aard. It learen hie ik gjin muoite mei en hoe't ik it spyljen dien ha, dat lit ik mar oan in oar oer."

It begraffeniswurk is wer hiel wat oars. Sûnt syn 64-e jier is er boade as opfolger fan koster Feitsma fan Dedzjum dy't doe ferhuze. De earste begraffenis wie freeslik dreech. Hoe't ik dêr troch kommen bin, dat freegje ik my noch ôf. Ik ha it earst in jier besocht. Ik fiел my noch lekker sûn en wat is it dan moai as men noch wat dwaan kin en dat men noch wat betsjutte kin foar in oar", sa beslút er ús petear.



Jûns let sette wy ôf troch it tsjuster fan de nacht. De kikkerts kwêkje harren koarsang op Pytsjepôle wylst in ko noch eefkes nuver snûft as wy by him lâns fytse. De nacht is fallen, de loft tekenet in waarsferoaring. Soe boer Piet moarnier yn't reinwetterspak sitte te melken? It docht ús eefkes rydboskjen. Mei bewûndering foar it libben fan (hobby)boer Piet Tolsma fytse wy de Trekfeart bylâns op hûs oan. It wie in learsume jûn. Tank dêrfoar!

Yn it Frysk Lânboumuseum fan Eksmoarre keart de tiid fan de hânmelkers werom, mar op Pytsjepôle libbet de âlde komelkerspraktyk noch. As de histoaryske muontsmole ek noch fan de fang goaid is dan liket it dêr suver sa'n iepenloftmuseum. It moaie is net fier fuort, mar it leit neist de doar. Men moat it al sjen wolle fansels.



Voetbaldorpencompetitie op sterven na dood?

De jaarlijkse voetbaldorpencompetitie lijkt in sneltreinvaart de ondergang tegemoet te gaan. Helaas! Voor de prachtige balsport blijkt nauwelijks meer animo te zijn in de deelnemende dorpen. Daarom komen er de laatste 2 seizoenen in plaats van elftallen slechts achttallen tegen elkaar uit. Ach, hoe triest!

In de zeventiger jaren leefde de dorpencompetitie enorm en was het nog een grote eer om voor het voetbalteam van je woonplaats uit te mogen komen. Er heerste toen nog sportieve haat en nijd tussen de deelnemende teams. De wil om te winnen was groot. Het doel heiligde de middelen en zodoende werd er regelmatig eens een tegenstander onder de zoden geschoffeld.

Iedereen die thuis een paar voetbalschoenen had staan werd bij wijze van spreken opgetrommeld en gaf zich met hart en ziel voor 'zijn dorp'. Spelers die reserve kwamen te staan, zaten zich aan de kant te verbijten en bleven hopen op een invalbeurt. Gezeurd hierover werd er nauwelijks. De publieke belangstelling was meestal groot. Voetbal leefde destijds maar door de jaren heen kwam de sleet er langzaam in.

De dorpencompetitie anno 1993 verdient nog nauwelijks het predikaat voetbal. Allereerst al vanwege het feit dat er slechts 8 spelers per team worden opgesteld. Ten tweede de instelling van diverse spelers. Velen 'slenteren' ongeïnteresseerd op het veld rond met de

instelling: 'Hoe komen we straks zo snel mogelijk in de kantine' en 'Vandaag vooral niet moe worden jongens'. Fanatisme is er niet meer. Dit moet vooral de 'oudjes' onder de spelers (zoals Ate Harsta, Auke Koopmans, Johan Velting en Jelle de Boer) pijn doen. Zij waren vroeger toch anders.

Er werd dit jaar nog eens een extra zwarte bladzijde aan de geschiedenis van het toernooi toegevoegd door alle wedstrijden in Schettens te laten spelen. In laatstgenoemd dorp is onlangs door zelfwerkzaamheid een prachtige sportkantine met terras, kleed- en doucheruimte gebouwd. Om wat geld in de kas te krijgen eiste Schettens daarom dit jaar alle competitiewedstrijden op. Een zeer begrijpelijk standpunt natuurlijk.

Probleem is echter dat Schettens niet over een goed voetbalveld zoals Tjerkwerd beschikt. Naast het mooie clubgebouw in Schettens ligt een smal stukje weiland met 2 kleine doelen. Op dit veldje werden de teams van de dorpencompetitie dit jaar los gelaten om hun toernooi af te werken. Resultaat: kwaliteitsarm 'kluitje-voetbal' waar weinig van viel te genieten met Schettens als onverdiende winnaar.




De boys uit Schettens bleven in de meeste van hun wedstrijden laf voor het eigen doel hangen. Eenmaal in balbezit renden ze dan naar voren. Zo counterde het team uiteindelijk naar de toernooiwinst. De aanvallend ingestelde teams van Tjerkwerd en Wons waren kwalitatief veel beter dan Schettens maar konden op het te kleine veld maar geen bres slaan in de verdedigende stellingen van de latere kampioen.

Tjerkwerd verloor slechts eenmaal in het toernooi (van Schettens met 2-1), won viermaal en eindigde derhalve voor de zoveelste keer als tweede. Verheugend was de doorbraak van een nieuwe 'ster' in het team: Wim Kunnen. Hij speelde een best toernooi. Verder kwamen de volgende spelers voor Tjerkwerd in het veld: Alex Draaisma, Johan Ouderkerken, Gooitzen Brandsma, Johan Velting, Jacques van Lingen, Jan Blanksma, Erik Velting, Herke Bakker, Ruud Hartog, Marcel de Haan en Rudi Mekking.

Gelukkig wordt de dorpencompetitie volgend jaar waarschijnlijk deels in Tjerkwerd gespeeld. Het wordt hoog tijd dat 'de onzen' dan weer eens de titel pakken! Eindstand 1993: 1. Schettens 2. Tjerkwerd 3. Wons 4. Schraard 5. Parreoa 6. Gaast-Ferwoude.

Menigeen bezorg ik al zoete dromen

groetjes, Hilde



'Dreamteam' Tjerkwerd wint
volleybaltoernooi Nijland

Jaarlijks wordt in Nijland een zomeravondcompetitie volleybal gehouden op een grasveld tegenover het dorpscafé. Het toernooi neemt steeds meer in populariteit toe, getuige het toenemend aantal aanmeldingen. Zo schreven zich dit jaar liefst 20 ploegen in. Behalve vele teams uit Nijland kwamen er ook afvaardigingen uit onder andere Bolsward, Folsqare en Burgwerd naar Nijland toe.

Tjerkwerd wilde dit jaar niet achterblijven en liet eveneens een team inschrijven. De wedstrijden werden op 6 dinsdagavonden in mei en juni gespeeld. Voor Tjerkwerd kwamen tijdens het toernooi de volgende 'sterren' in het veld: Joke de Jong, Betty de Haan, Peter Bakker, Broer Feenstra, Jacques van Lingen, Herke Bakker, Linda Westra, Marcel de Haan, Rudi Mekking en Roelof de Jong.

De organisatie in Nijland deelde de teams in 2 categorieën in. De geoefende volleyballers kwamen in Poule A tegen elkaar uit, de meer recreatieve volleyballers mochten elkaar bekampen in Poule B. Tjerkwerd kwam als debuterend team met 9 andere ploegen in laatstgenoemde poule terecht.

Om een lang verhaal kort te maken: Tjerkwerd won 8 van de 9 wedstrijden in poule B en 'schutterde' alleen tegen een gecombineerde ploeg uit Burgwerd/Bolsward door daar onnodig van te verliezen. De 'onzen' hadden zich min of meer al neergelegd bij een 2e plaats in de poule achter het ongeslagen Burgwerd/Bolsward maar tot ieders verrassing ging laatstgenoemd team in de allerlaatste poule-wedstrijd nog onderuit! (De psychologische oorlogsvoering van Betty en Joke aan de zijlijn bleek uitstekend te werken)

Tjerkwerd en Burgwerd eindigden zodoende ieder met 1 nederlaag bovenaan in Poule B. Onze plaatselijke volleyballers zaten al genoegelijk achter een borrel in het café toen de wedstrijdleiding onverwacht met het verzoek kwam of Tjerkwerd alsnog een beslissende wedstrijd tegen medekoploper Burgwerd/Bolsward wilde spelen.

Ondanks trillende handjes en bleke bekkies van de zenuwen speelde Tjerkwerd een zeer geconcentreerde finalepartij. De concurrent werd bij vlagen weggespeeld en zo zetten 'de Skieppesturten' hun eerdere uitglijder op passende wijze recht. Via een klinkende 17-6 overwinning werd de titel in Poule B binnengehaald. Dit leverde 2 grote bekens en promotie naar Poule A op. Hulde voor het 'Dreamteam'!

**Stroop de mouwen
maar op, ik
kom er aan** *groetjes,
Sonja**

SONJA ROSIER KLAVERJAS-KAMPIDENE 1992-1993.

Met een geweldig lekker koud buffet van Roelof en Joke werd het klaverjasseizoen van 1992-1993 afgesloten. Na drie jaar gewonnen te hebben werd Maurits IJdema dit jaar onttroond door Sonja Rosier die maar liefst 4921 punten gemiddeld wist te halen per avond. Hiermee

veroverde ze voor de eerste keer de (nieuwe), door Roelof en Joke beschikbaar gestelde wisselbeker.

De eindstanden van alle leden waren als volgt:

1. Sonja Rosier	4921	14. Haytema bv.	4579
2. Meindert v.d. Wal	4749	15. Wiebren Poelsma	4556
3. Maurits IJdema	4730	16. Betty de Haan	4551
4. Jelle Zysling	4684,77	17. Bertus Walsma	4500
5. Jelle Twijnstra	4684,74	18. Reinold Poelsma	4472
6. Andries Bos	4681	19. Jitte Huitema	4464
7. Dijkstra bv.	4680	20. Jaap Groot	4417
8. Jaap v. Lingen	4645		
9. Riet Bruinsma	4611		
10. Maaïke Brandsma	4600		
11. Bert Miedema	4593,41		
12. Jouke Hettinga	4593,28		
13. Jaap v.d. Wal	4591		

Tenslotte waren er nog Boonstra bv. met 4476 en Houkje Mulder met 4458 punten, maar deze laatste twee waren niet de vereiste keren aanwezig geweest. Iedereen die hierboven staat vermeld mocht na het bekend maken van de uitslag nog een van de vele mooie prijzen uitzoeken. Deze waren verzorgd door Riet Bruinsma die tot en met dit seizoen onze secretaresse was. Onze dank hiervoor!!! Tot slot nog enige wetenswaardigheden:

De hoogste pot: 2693 door Andries Bos en Broer Dijkstra.
De laagste pot: 510 door Broer Dijkstra en Maaïke Brandsma.

Het hoogste totaal op een avond gehaald aantal punten: 6661 door Andries Bos. Het laagste op een avond gehaalde aantal punten: 3177 door Wiebren Poelsma.

